



Geachte lezer

Het doet mij deugd om u voor de 5e keer het burgerjaarverslag en dit jaar over 2006 aan te bieden. Hoewel het verslag het verslag van de burgemeester is, is er ook wederom dit jaar door heel veel medewerkers aan dit eindproduct gewerkt.

Het geeft u in hoofdlijnen een beeld hoe de gemeentelijke organisatie heeft gewerkt en wat in 2006 is uitgevoerd op het gebied van beleid van de gemeente en dienstverlening.

Kreeg u de vorige keer het burgerjaarverslag 2005 aangeboden in de gemeentegids, die in het begin van dit jaar bij u in de brievenbus viel, thans is er gekozen voor een andere wijze van publiceren. Dit om de actualiteitswaarde van het verslag te verhogen.

Indien u ideeën of opmerkingen heeft over dit verslag, schroom dan niet zo mogelijk schriftelijk of via e-mail met ons hierover in contact te treden. Wij kunnen immers dan ons voordeel doen met uw opmerkingen.

Uiteraard bent u ook dit jaar van harte welkom bij raads(commis)sie-vergaderingen. De agendapunten zijn meestal interessant en geven in ieder geval stof tot praten. Ook is het mogelijk om via onze website www.ferwerderadiel.nl op de hoogte te blijven van het reilen en zeilen in onze prachtige gemeente.

Ik wens u veel leesplezier bij dit burgerjaarverslag over 2006.

mr. W. van den Berg,
burgemeester



Ferwerderadiel is wereldnieuws: paardenreddingsactie in Marrum

Eén van de meest in het oog springende gebeurtenissen in 2006 was de paardenreddingsactie die 1 tot en met 3 november 2006 plaatsvond nabij Marrum. Een probleem dat zeker op 1 november, de eerste dag, groeide met het verstrijken van de uren. 's Morgens om 10.15 uur was het aantal paarden dat op de Dobbe was ingesloten door het zeewater nog 48 en waren er op dat moment al 12 paarden verdronken. Later op de ochtend, toen de

boot van de brandweer bij de Osingadobbe kon komen, waren het aanvankelijk zo'n 70, toen wel 90, na nog een keer varen zeker wel zo'n 130 en uiteindelijk zijn er zeker zo'n 190 paarden vanaf de Dobbe weer op de dijk aangekomen. We hebben die reddingsactie met vereende krachten als een groot team uitgevoerd.

Dan denk ik niet alleen aan de professionals van onze eigen gemeente, de

politie, de brandweer, het Fryske Gea, de eigenaar, de 105 brugcompagnie uit Wezep en onze Hallummer veearts, maar ook aan al die vrijwilligers en mensen die door mij dan wel door anderen uit het crisisteam dringend werden verzocht hun beste beentje voor te zetten.

Zoals de 6 van girlpower overlopende amazones, de mensen die zorgden voor de opvang van de paarden, de

Seedykstertoer, slagerij Schreiber en al die boeren die gewoon hun mannetje stonden. Ik bin tige grutsk op jimme, want zonder jullie was het allemaal niet zo goed afgelopen. De hele wereld heeft kunnen aanschouwen dat in Ferwerderadiel mannen en vrouwen wonen die de handen uit de mouwen kunnen steken.

Hartelijk dank daarvoor!!



2006: het jaar van de verkiezingen

Op 7 maart 2006 werden de gemeenteraadsverkiezingen gehouden. In Ferwerderadiel leverde dat enkele interessante verschuivingen op: Het CDA en Gemeentebelangen Ferwerderadeel (GBF) verloren één zetel; PvdA en FNP kregen er eentje bij. De VVD en ChristenUnie bleven net als in de voorgaande periode met één zetel

vertegenwoordigd in de gemeenteraad. In 2006 kwam 65% van de opgeroepen inwoners naar de stembus; in 2002 was dit nog 68,05%.

In november mocht u opnieuw uw stem uitbrengen en ditmaal voor de Tweede Kamer verkiezingen. In Ferwerderadiel werden 5.555 geldige

stemmen geteld, wat neerkomt op een opkomstpercentage van 82,11%. In 2003 kwam 83,75% van de inwoners naar de stembus. In Ferwerderadiel verloor het CDA bijna 500 stemmen en de PvdA zo'n 200. ChristenUnie en SP zagen hun ahang groeien met respectievelijk 221 en 569 stemmen ten opzichte van de

verkiezingen in 2003. De partij van Geert Wilders, de Partij voor de Vrijheid, stond voor het eerst op de lijst en kreeg 170 stemmen. Ook de Partij voor de Dieren was in Ferwerderadiel populair: deze partij kreeg 83 stemmen, 57 meer dan in 2003.



Gemeentelijke dienstverlening en samenwerking

De gemeentelijke dienstverlening is een permanent proces van kwaliteitsverbetering en heeft onze voortdurende zorg en aandacht. Het zal u, als inwoner van deze gemeente, niet zo zeer interesseren hoe we de dienstverlening organiseren, als u maar producten geleverd krijgt die goed zijn, snel worden geleverd en voor een niet te hoge prijs. Dat bedoelen we met klantgerichtheid: de gemeente is er voor u en niet andersom. Producten komen ook steeds meer digitaal beschikbaar, onze nieuwe en zeer up-to-date website is hiertoe toegerust met een productencatalogus, een verordeningenbeheerder, DigiD voor de persoonlijke inlogging, en ook Internetkassa om te betalen.

Ook bevat de website een digitale gemeentegids en allerlei historische en toeristisch-recreatieve gegevens. Steeds meer gebruiken we daarvoor (ook) de Friese Taal. Maar ook het loket op het gemeentehuis blijft voor u beschikbaar voor meer persoonlijke aandacht.

De *klantvriendelijkheid*, ons tweede speerpunt, is in dat verband onze eerste zorg: een correcte en prettige ontvangst bij de ingangsbalie, of aan de telefoon, goede verwijzing naar waar u moet zijn, goede en prettige overlegsituaties en zorgen dat u op de hoogte blijft van de voortgang van werkprocessen.

Mocht één en ander organisatorisch toch eens haperen, dan kunt u formeel en informeel gebruik maken van een geautomatiseerd klachtensysteem, waaruit wij voor de toekomst uiteraard lering kunnen (en moeten) trekken. De gemeente Ferwerderadiel scoort bij onderzoeken onder burgers en bedrijven in 2006 en 2007 gemiddeld hoog. Dat geldt ook voor onze website. In de ranglijst van 241 gemeenten met minder dan 25.000 inwoners, is Ferwerderadiel fors gestegen naar een 18e plaats. Daarnaast is Ferwerderadiel een (zeer) veilige gemeente, zo leert statistisch onderzoek. Allemaal zaken om te koesteren en te behouden, dat willen wij als gemeente

continueren, zo niet nog meer verbeteren. U heeft daarbij alle voordelen van het wonen en leven in een relatief kleine en overzichtelijke gemeente: bestuur (raad en college van burgemeester en wethouders) en onze ambtenaren staan dicht naast u, kennen onze gemeente en zijn zonder veel drempels rechtstreeks benaderbaar en aanspreekbaar.

Samenwerking in Middelseeverband

Op steeds meer uitvoerend terrein werkt onze gemeente samen met de gemeenten het Bildt, Leeuwarderadeel en Menaldumadeel: de vier zgn. "Middelsee Gemeenten". Het gaat daarbij om ICT, Handhaving,

Personeelszaken, Sport, Beheer Openbare Ruimte, etc.

Delen van de ambtelijke organisatie(s) zullen in dat kader in de toekomst worden gebundeld. U als burger blijft "gewoon" uw eigen gemeentehuis bezoeken, u merkt er verder niets van. Behoudens de voordelen van minder ambtelijke kwetsbaarheid en toename van de bestuurskracht, de gemeenten blijven nl. autonoom bestaan.

Op dit moment is in de gemeenteraden een discussie om ook op een aantal beleidsterreinen (landbouw, economie, toerisme en recreatie en ruimte) wellicht gezamenlijk eenduidig beleid te gaan ontwikkelen voor het gehele Middelseegebied. Een grote uitdaging voor de eerstkomende jaren!!



Een dag uit de agenda van de burgemeester: scootmobieltraining in Ferwerderadiel

Op 13 september 2006 werd door de gemeente Ferwerderadiel en de Stichting Zorgcombinatie een scootmobieltraining georganiseerd voor in totaal 10 deelnemers. De training bestond uit theorie, een behendigheidsstest en deelname aan het verkeer.

Burgemeester mr. Wil van den Berg nam zelf de proef op de som en legde per scootmobiel het trainingsparcours af, om zo te ervaren hoe het is om met een scootmobiel te rijden.



Klachtenfunctionaris/Nationale ombudsman

De gemeente werkt er aan om haar inwoners zo goed mogelijk service te verlenen en om burgers te betrekken bij het opstellen van beleidsplannen. Het kan echter voorkomen dat u niet tevreden bent of dat zaken niet goed gaan. Als u vindt dat u niet juist of onbehoorlijk door een ambtenaar of bestuurder behandeld bent of dat u te lang op een reactie op uw verzoek moet wachten, kunt u een klacht indienen bij de gemeente.

Voor de behandeling van deze klachten is een klachtenfunctionaris aangesteld, de heer mr. N. Wijma uit Drachten. Hij zorgt ervoor dat de klacht behoorlijk wordt afgehandeld. Hij heeft een adviserende taak. Indien u niet tevreden bent over de afhandeling van de klacht door het bestuursorgaan kunt u uw klacht voorleggen aan de Nationale Ombudsman te Den Haag. Dat kunt u pas nadat u eerst bij de gemeente een klacht hebt ingediend.

In 2006 zijn bij de gemeente zeven (in 2005 drie) en bij de Nationale Ombudsman drie (in 2005 geen) klachten tegen ambtenaren en/of bestuurders ingediend. Dit is een behoorlijke stijging. Eén bij de Nationale Ombudsman ingediende klacht is door de Ombudsman kennelijk ongegrond verklaard.

De twee overige klachten, welke bij de Nationale Ombudsman zijn ingediend, zijn ter afdoening naar de gemeente doorgezonden. De Ombudsman was namelijk niet bevoegd omdat niet eerst bij de gemeente was geklaagd. In feite zijn het dus bij de gemeente ingediende klachten. Deze zijn dan ook in het aantal van zeven meegenomen. Van deze twee klachten is één klacht in januari 2007 door de klachtenfunctionaris behandeld en ongegrond bevonden. Eén klacht is door het gemeentebestuur kennelijk ongegrond verklaard.

De klachtenfunctionaris behoefde in 2006 geen advies over een ingediende klacht uit te brengen. Er is vorig jaar dan ook geen hoorzitting gehouden.

De bij het gemeentebestuur ingediende overige vijf klachten konden door het hoofd van de betreffende sector in overleg met klager en de betreffende ambtenaar worden afgehandeld.

Colofon

Dit burgerjaarverslag is huis-aan-huis verspreid.
Oplage: 3850

Redactie: Burgemeester mr. Wil van den Berg
Gemeente Ferwerderadiel

Foto's: Johan K. Tigchelaar
Klaes H. Dijkstra
Berend Jager
Harry Feenstra

De burgemeester stelt uw reactie op prijs.

Gemeente Ferwerderadiel
Postbus 2, 9172 ZS Ferwert
info@ferwerderadiel.nl

Burgerinitiatiefvoorstellen

U kunt een onderwerp op de agenda van de gemeente laten zetten, als het gesteund wordt door 25 burgers. Dit noemen we een burgerinitiatiefvoorstel. In 2006 zijn dergelijke voorstellen niet door burgers bij de raad ingediend.

Klachten en meldingen

In 2006 zijn 46 klachten en meldingen geregistreerd. Deze werden telefonisch of aan de balie gemeld of via een brief of e-mail. Deze klachten hadden o.a. betrekking op het openbaar groen, verlichting, wegen, verkeer, gemeentelijke gebouwen, zwerfvuil en riolering. Alle klachten zijn binnen de daarvoor gestelde termijn afgehandeld.

Informatie voor de raadscommissie

De raadscommissie liet zich vorig jaar door het college of externen uitvoerig informeren over:

- het lokaal gezondheidsbeleid;
- de dienstverlening door de politie van het team Middelseegemeenten;
- het wooncomplex Hof van Hallum te Hallum;
- het herstructureringsproject Burdaard;
- het ontwerp-bestemmingsplan Grote Dorpen;

- de plannen voor het voormalige stationsgebouw te Marrum;
- de kansen voor Ferwerderadiel in het kader van het bureau Plattelandsprojecten N.O. Fryslân;
- de Noordelijke Elfstedenvaarroute.



Inspreken bij raads- of commissievergadering

Bij aanvang van iedere reguliere raads- of commissievergadering kunt u gebruik maken van het recht om in te spreken op geagendeerde onderwerpen, bij commissievergaderingen zelfs ook over onderwerpen, welke niet op de agenda staan. De agenda's van deze vergaderingen worden maandelijks gepubliceerd in Sawn Sterren Nijs en op de gemeentelijke website. Vorig jaar maakten slechts vijf mensen gebruik van dat inspreekrecht. Het aantal insprekers in 2005 bedroeg zes. Het betrof de volgende insprekers:

- commissievergadering 23 februari: de heer S. Meindertsma te Burdaard namens Dorpsbelang Burdaard e.o. over de onrustige jaarwisseling in Burdaard;
- commissievergadering 27 april: de heer J. van der Veen te Burdaard, namens de St. Molen de Zwaluw te Burdaard over het bouwplan van KPN voor een GSM-mast in Burdaard;
- raadsvergadering 27 juni: de heer S. Meindertsma namens Dorpsbelang Burdaard e.o. over de planontwikkeling en herstructurering in Burdaard;
- commissievergadering 28 september: mevrouw A. Flapper van Tensis namens de fam. Talsma te Rinsumageest over een planschadevergoeding;
- raadsvergadering 19 oktober: de heer M. Abrahamse te Reitsum over de slechte onderhoudstoestand van de gemeentelijke bermen.

Interactieve beleidsvorming en inspraak tijdens informatieavonden

Op een informatieavond kunnen doelgroepen van een project (bijvoorbeeld toekomstige gebruikers van een gebouw) of bewoners uit de buurt van een plan (bijvoorbeeld een dorpsvernieuwingsplan) meedenken en meepraten over het ontwerp. Zo'n avond is vaak een aanvulling op het overleg dat de gemeente al met verschillende organisaties heeft in de aanloop van een project. Deze avonden zijn een uitstekend communicatiemiddel, dat we zeker in de toekomst zullen blijven gebruiken. Zo zijn er vorig jaar op 19 april en op 24 november informatieavonden in Burdaard georganiseerd in verband met het herstructureringsproject in Burdaard. In één van de twee bijeenkomsten stond met name de realisering van een multifunctioneel centrum in Burdaard centraal. Er waren in 2006 ook twee voorlichtingsavonden over het wooncomplex Hof van Hallum te Hallum voor aan- en omwonenden en belangstellenden. Tenslotte is er voor de doelgroep agrariërs op 26 juli een informatiebijeenkomst geweest over het zogenaamde koolzaadproject. In sommige gevallen wordt er geen aparte inspraak- of informatiebijeenkomst belegd, maar worden belanghebbenden gevraagd om schriftelijk te reageren.

De commissie voor de bezwaarschriften

Burgers die het niet eens zijn met een besluit van de gemeente kunnen per brief bezwaar maken. De bezwaren worden voorgelegd aan de commissie voor de bezwaarschriften, bestaande uit een onafhankelijk voorzitter (sinds 20 april 2006 mevrouw mr. J.F. Rouwé-Danes te Ferwert) en twee raadsleden (sinds 20 april 2006 de heren B. van der Heide en T. Hijlkema). Deze commissie houdt een hoorzitting, waarin bezwaarde zijn of haar bezwaar nader kan toelichten. Daarna brengt de commissie een advies uit aan het betreffende bestuursorgaan, dat de zaak vervolgens opnieuw overweegt en een beslissing neemt.

De commissie voor de bezwaarschriften vergaderde in 2006 dertien keer. Totaal ging het om 13 bezwaarschriften (ter vergelijking: in 2005 waren er 20 bezwaarschriften). Bij de Dienst Sociale zaken en werkgelegenheid te Franeker, waarbij de gemeente is aangesloten zijn vorig jaar bovendien nog 21 bezwaarschriften op het gebied van de Wet werk en bijstand en de Wet voorzieningen gehandicapt ingediend. Deze zijn door de bezwaarschriftencommissie van de Dienst behandeld en worden verder in dit verslag buiten beschouwing gelaten.

Qua onderwerpen is de volgende verdeling te maken:

- 3 op het gebied van de ruimtelijke ordening;
- 6 in het kader van de Verordening leerlingenvervoer;
- 1 op het gebied van de subsidieverlening;
- 1 op het gebied van het ontslagrecht;
- 2 overig.

In de meeste gevallen zijn de bezwaarschriften binnen de door de Algemene wet bestuursrecht voorgeschreven uiterlijke beslistermijn van 14 weken afgehandeld. In vijf gevallen was er sprake van een termijnoverschrijding. De redenen hiervoor waren o.a. de complexiteit van het bezwaarschrift en het geven van uitstel aan bezwaarde om het bezwaarschrift nader te onderbouwen.

In één geval adviseerde de commissie het bezwaarschrift (geheel) **gegrond** te verklaren (ter vergelijking: in 2005 ook in één geval. In drie gevallen adviseerde de commissie het bezwaarschrift **gedeeltelijk gegrond en gedeeltelijk ongegrond** te verklaren (hetgeen in 2005 niet voorkwam). De commissie heeft vorig jaar geen bezwaarde in zijn of haar bezwaren **niet-ontvankelijk** verklaard (dat was in 2005 in twee gevallen). In zeven gevallen adviseerde de commissie het bezwaarschrift **ongegrond** te verklaren.

Twee bezwaarschriften werden vorig jaar nog voor de hoorzitting ingetrokken. Dit gebeurde na een gesprek tussen bezwaarde en de behandelend ambtenaar. Daar het geschil bij één van deze twee zaken werd opgelost, kan er in dat geval van mediation worden gesproken.

In één geval werd door het college van burgemeester en wethouders op het ingediende bezwaarschrift een beslissing genomen, welke afweek van het advies van de commissie. In alle andere gevallen besloot het college overeenkomstig het advies van de commissie. Na de besluitvorming op de bezwaarschriften door het college is vorig jaar één bezwaarde in beroep gegaan bij een rechtsinstantie, terwijl er door één bezwaarde een verzoek om voorlopige voorziening bij de voorzieningenrechter is ingediend.

De gemeenteraadsverkiezingen hadden niet alleen voor de raad maar ook voor het college van B&W grote gevolgen. De gemeente Ferwerderadiel nam afscheid van twee vertrouwde gezichten: de wethouders Wieger Zoodsma (CDA) en Barbara Wijbenga-Kleinschmidt (GBF). Zij werden opgevolgd door Haye Talsma (CDA) en Roel Ruben (PvdA).

Foto: de collegeleden tijdens één van de eerste B&W-vergaderingen na de verkiezingen.

Van links naar rechts: Roel Ruben, gemeentesecretaris Ruud Kammer, burgemeester Wil van den Berg, Haye Talsma.



Portefeuilleverdeling B&W

Burgemeester mr. W. van den Berg (CDA):

- Financiën;
- Openbare Orde en Veiligheid;
- Verlichting;
- Personeelszaken;
- Economische zaken;
- Algemeen Openbaar Bestuur;
- Informatie & Automatisering;
- Intergemeentelijke Samenwerking;
- Gemeentelijke eigendommen;
- Monumenten;
- Recreatie en toerisme.

Wethouder H. Talsma (CDA) (1e loco-burgemeester):

- Volkshuisvesting & Ruimtelijke Ordening;
- Openbare Werken;
- Verkeer & Vervoer;
- Buitendienst (riolering, groen, reiniging);
- Milieu;
- Frysk.

Wethouder drs. R. Ruben (PvdA) (2e loco-burgemeester):

- Sociaal Cultureel Werk;
- Maatschappelijk Werk;
- Volksgezondheid & Zorg;
- Jongeren- & Ouderenwerk;
- Kinderopvang (w.o. peuterspeelzaalwerk);
- Kunst & Cultuur;
- Sport;
- Sociale Zaken en Sociale Werkvoorziening;
- Educatie;
- Onderwijs.

Uitreiking Koninklijke Onderscheidingen in Ferwerderadiel



Vrijdag 28 april 2006 kregen vier inwoners van Ferwerderadiel een Koninklijke onderscheiding opgespeld door burgemeester mr. W. van den Berg, vanwege hun bijzondere verdiensten voor de samenleving.

Op de foto de gedecoreerden, de heren Arie van den Berg uit Hallum en Aldert de Boer, Jan Hilverda en Jurjen Kingma uit Ferwert.

Kent u iemand die een lintje verdient? Bijna iedereen zal deze vraag met 'ja' beantwoorden. Want overal in Nederland zetten mensen zich voor vele doelen in. Vaak zonder eigenbelang, in alle bescheidenheid.

Ook deze mensen komen in aanmerking voor een Koninklijke onderscheiding, net als ieder ander met bijzondere verdiensten voor de samenleving. Maar dan moeten ze daarvoor wel eerst worden voorgesteld. U kunt daarvoor zorgen, want iedereen kan iemand anders voorstellen voor een lintje. Wie en hoe? Kijk op de speciale website www.lintjes.nl of neem contact op met de heer B. Jager van de gemeente, telefoon (0518) 41 88 39.

Belastingen 2006



Met ingang van 2005 betalen toeristen € 0,50 per persoon per overnachting aan toeristenbelasting. De gemeenteraad wil het geld bestemmen voor investeringen in de toeristisch-recreatieve sector.

Dit betekent dat zaken als de aanleg van een fietspad en onderhouden van een aanlegsteiger gedeeltelijk kunnen worden betaald uit de toeristenbelasting. In de zomer van 2006 opende de burgemeester het nieuwe fietspad tussen Lichtaard en de Dockumer Ee.

Aantal verstrekte (reis)documenten

Bij het loket van de afdeling Bevolking/Burgerzaken kunt u terecht voor o.a. uw paspoort, rijbewijs en identiteitskaart. In 2006 zijn de volgende aantallen verstrekt:

Document	Aantal
Paspoorten	601
Zakenpaspoort	2
Identiteitskaarten	671
Identiteitskaarten gratis	66
Rijbewijzen	556

Soort belasting	Tarief (in €)	Opbrengst (x € 1.000,00)	
	2006	Begroting na wijziging 2006	Rekening 2006
1. Onroerend zaakbelastingen - gebruikers - eigenaren (per € 2.500,00)	2,57 3,09	95 748	83 737
2. Woonforensenbelasting (per woning)	406,00	9,7	9,8
3. Toeristenbelasting per persoon per nacht	0,50	5,5	5,5
4. Afvalstoffenheffing / reinigingsrechten: - gezinnen - alleenstaanden	286,00 214,00	982,7	973,2
5. Rioolrechten (per aansluiting)	148,00	489,7	490,8
		2.330,6	2.299,3

Ondernemers belangrijk voor de leefbaarheid van een gemeente

Ondernemers zijn voor een gemeente erg belangrijk. Zonder bedrijven wordt de leefbaarheid binnen een gemeente sterk aangetast. Door het college van burgemeester en wethouders en de bedrijvencontactfunctionaris, de heer Bas de Boer, worden er dan ook zoveel mogelijk bezocht. De reden van een dergelijk bezoek is tweeledig. Enerzijds om de ondernemer en zijn bedrijf beter te leren kennen, anderzijds om op de hoogte te blijven van de wensen en ideeën van de ondernemers om dit mee te nemen in het beleid.

In 2006 werden in verband met de verkiezingen en bestuurswisselingen minder bedrijfsbezoeken afgelegd dan normaal.

Bezocht werden Kapsalon Your Style te Ferwert, Architectenbureau GDA te Burdaard en Schildersbedrijf en Woninginrichting Van der Weit uit Blije.



Your Style, een sfeervolle en verzorgde kapsalon, is al twee keer uitgeroepen als beste Your Style zaak. Een zaak waar Ferwert trots op mag zijn. GDA is gevestigd in het schitterend gerestoreerde gebouw "de Eendracht". GDA krijgt -buiten een aantal projecten in de gemeente- opdrachten uit het hele land.

In Blije en (verre) omstreken is onder andere schildersbedrijf en woninginrichting Van der Weit actief. Naast Van der Weit en zijn echtgenote zijn er drie tot vijf mensen actief om de opdrachten naar ieders tevredenheid uit te voeren.



Achte lêzer

It docht my deugd om jo foar de 5e kear it boargersjierferslach oer 2006 oan te bieden. Hoewol 't it ferslach it ferslach fan 'e boargemaster is, is der ek dit jier wer troch in protte meiwurkers oan it einprodukt wurke.

It jout jo yn haadlinen in byld hoe 't de gemeentlike organisaasje wurke hat en wat der yn 2006 útfierd is op it mêd fan belied en tsjinstferliening fan 'e gemeente.

De foarige kear hawwe jo it boargersjierferslach 2005 oanbean krigen yn 'e gemeentegids, dy 't jo yn it begjin fan dit jier krigen hawwe. No is der keazen foar in oare wize fan publisearjen, soks om de aktualiteitswearde fan it ferslach te ferheegjen.

At jo ideeën of opmerkings hawwe oer dit ferslach, skytskoarje der dan net tsjinoan om ús dêr skriftlik of fia e-mail tinge fan te dwaan. Wy kinne sa dan ús foardiel dwaan mei jo opmerkings.

Fansels binne jo ek dit jier tige wolkom by rieds(kommisje)gearkomsten. De punten op 'e wurklist binne meastal ynteressant; dêr kin genôch oer praat wurde.

It is ek mooglik om fia ús webside www.ferwerderadiel.nl op 'e hichte te bliuwen fan it riden en farren yn ús prachtige gemeente.

Ik winskje jo in protte lêsnocht by dit boargersjierferslach oer 2006.

mr. W. van den Berg,
boargemaster



Ferwerderadiel is wrâldnijs: hynsterêdingsaksje yn Marrum

Ien fan 'e foarfallen dy 't der yn 2006 útkipe, wie de hynsterêdingsaksje't fan 1 oant en mei 3 novimber by Marrum. In swierrichheid dy 't benammen op 1 novimber, de earste dei, grutter waard mei it ferstriken fan 'e oeren.

Moarns om 10.15 oere wie der in melding kommen dat it tal hynders dat op 'e dobbe ynsletten wie troch it see-wetter 48 wie; op dat stuit wienen der

al 12 hynders ferdrongen. Letter op 'e moarn, doe 't de boat fan 'e brânwacht by de Osinga-dobbe komme koe, die bliken dat der folle mear hyn-ders wienen; der binne úteinlik sa 'n 190 hynders fan 'e dobbe ôf wer op 'e dyk oankommen.

Wy hawwe dy rêdingsaksje mei alle mannemacht as in grut team útfierd. Dan tink ik net allinne oan 'e profes-sionals fan ús eigen gemeente, de

plysje, de brânwacht, It Fryske Gea, de eigner, de 105e brêgekompanjy út Wezep en ús Hallumer bistedokter, mar ek oan al dy frijwilligers en mins-ken dy 't troch my dan wol troch oaren út it krisisteam, mei klam fersocht waarden harren bêste fuotsje foar te setten.

Lykas de 6 hynsterydsters mei harren "girlpower", de minsken dy 't foar it opfangen fan 'e hynders soargen, de

Seedykstertoer, slachterij Schreiber en al dy boeren dy 't gewoan dienen wat der dien wurde moast.

Ik bin tige grutsk op jimme, want sûnder jim wie it allegearre net sa goed betearde. De hiele wrâld hat sjen kin-nen dat der yn Ferwerderadiel manlju en froulju wenje dy 't fan oanpakken witte.

Tige tank dêrfoar!!



2006: it jier fan 'e ferkiezings

Op 7 maart 2006 binne de gemeentereidsferkiezings hâlden. Yn Ferwerderadiel smiet dat inkelde ynteressante ferskowings op: it CDA en Gemeentebelangen Ferwerderadeel (GBF) rekken ien sit kwyt; P.v.d.A. en F.N.P. krigen der in sit by. De V.V.D. en ChristenUnie bleaunen, lykas yn 'e foarôfgeande perioade, mei ien sit

fertsjinwurdige yn 'e gemeenteried. Yn 2006 kaam 65% fan 'e oproppen ynweners nei de stimbus; yn 2002 wie dat noch 68,05%.

Yn novimber mochten jo op 'en nij jo stim útbringe en no foar de Twadde Keamer ferkiezings. Yn Ferwerderadiel binne 5.555 jildige stimmen teld, dat

delkomt op in opkomstpersintaazje fan 82,11. Yn 2003 kaam 83,75% fan 'e ynweners nei de stimbus. Yn Ferwerderadiel ferlear it CDA hast 500 stimmen en de P.v.d.A. sa 'n 200.

ChristenUnie en SP seagen harren oanhing groeien mei resp. 221 en 569 stimmen yn ferhâlding ta de fer-

kiezings yn 2003. De partij fan Geert Wilders, de Partij voor de Vrijheid, stie foar it earst op 'e list en hat 170 stimmen krigen.

De Partij voor de Dieren wie ek populêr yn Ferwerderadiel: dy partij hat 83 stimmen krigen, 57 mear as yn 2003.



Gemeentlike tsjinstferliening en gearwurking

De gemeentlike tsjinstferliening is in permanint proses fan kwaliteitsferbettering en hâldt ús soarch en oandacht. It sil jo, as ynwenners fan dizze gemeente, net folle skele kinne hoe 't wy dy tsjinstferliening organisearje, at jo mar produkten levere krije dy 't goed binne, gau levere wurde en foar in net al te hege priis.

Dat bedoele wy mei ôfstimd wêze op 'e klanten: de gemeente is der foar jo en net oarsom.

Produkten komme ek hieltyd mear digitaal beskikber; op ús nije en tige up-to-date webside stiet dêrom in produktatalogus, in oarderingbehandler, DigiD foar de persoanlike ynlogging en ek Ynternetkassa om te beteljen. Op 'e webside stiet ek in digitale gemeentegids en ferskate histoaryske en toeristyske-rekreative gegevens. Hieltyd mear brûke wy dêr (ek) de Fryske taal foar.

Mar ek it loket yn it gemeentehûs bliuwt foar jo beskikber foar mear persoanlike oandacht.

De *klantfreonlikens*, ús twadde spearpunt, is yn dat ferbân ús earste soarch: in korrekte en noflikke ûntfangst by de yngongsbaalje of oan 'e tillefoan, goede ferwizing nei wêr 't jo wêze moatte, goede en noflikke oerlissituasjes en soargje dat jo op 'e hichte bliuwe fan 'e avensasje fan 'e wurkprocessen.

At ien en oar organisatoarysk dochs ris stykjen bliuwt, dan kinne jo formeel en ynformeel gebrûk meitsje fan in automatisearre klachtesysteem, dêr 't wy nei de takomst ta fansels learing út lûke kinne (en moatte).

De gemeente Ferwerderadiel skoort by ûndersiken ûnder boargers en bedriuwen yn 2006 en 2007 yn trochsnee heech. Soks jildt ek foar ús webside. Yn 'e ranglist fan 241 gemeenten mei minder as 25.000 ynwenners, is Ferwerderadiel tige omheech gien nei in 18e plak. Dêrneist is Ferwerderadiel in (tipe) feilige gemeente, sa leart statistysk ûndersyk. Allegearre saken om te koesterjen en te behâlden. Dat wolle wy as gemeente fuortsette, sa net noch mear ferbetterje. Jo hawwe dêr-

by alle foardielen fan it wenjen en libjen yn in relatyf lytse en oersichtlike gemeente: bestjoer (ried en kolleezje fan boargemaster en wethâlders) en ús amtners steane tichteby jo, kinne ús gemeente en binne sûnder in protte drompels streekrjocht benei te kommen en oan te sprekken.

Gearwurking yn Middelseeferbân

Ús gemeente wurket op hieltyd mear útfierend terrein gear mei de gemeenten het Bildt, Leeuwarderadeel en Menaldumadeel: de fjouwer saneamde "Middelsee Gemeenten". It giet dêrby om ICT, hanthavening, persoanliksaken, sport, behear iepenbiere romte, ensfh. Parten fan 'e amtlike or-

ganisaasje(s) sille yn dat ramt yn 'e takomst bondele wurde. Jo as boargers kinne "gewoan" nei jo eigen gemeentehûs ta, jo merkbite dêr fierders neat fan. Útsein de foardielen fan minder amtlike kwetsberens en it tanimmen fan 'e bestjoerskrêft, de gemeenten bliuwe nammentlik autonoom bestean.

Op dit stuit is der yn 'e gemeenterieden in diskusje om ek op in tal beliedsterreinen (lânbou, ekonomy, toerisme en rekreaasje en romte) faaks mei-inoar ienriedich belied te ûntwikkeljen foar it folsleine Middelseegebiet.

In grutte útdaging foar de earstkomende jierren!!



In dei út 'e aginda fan 'e boargemaster: scootmobyltraining yn Ferwerderadiel

Op 13 septimber 2006 waard troch de gemeente Ferwerderadiel en de "Stichting Zorgcombinatie" in scootmobyltraining organisearre foar yn totaal 10 dielnimmers. De training bestie út teory, in handichheidstest en dielnimme oan it ferkear.

Boargemaster mr. Wil van den Berg naam sels de proef op 'e som en lei it scootmobylparkoers ôf, om sa te ûnderfinen hoe 't it is om mei in scootmobyl te riden.



Kolofon

Dit boargersjierferslach is hûs-oan-hûs ferspraat.
Oplage: 3850

Redaksje: Burgemeester mr. Wil van den Berg
Gemeente Ferwerderadiel

Foto's: Johan K. Tigchelaar
Klaes H. Dijkstra
Berend Jager
Harry Feenstra

De boargemaster stelt jo reaksje op priis.

Gemeente Ferwerderadiel
Postbus 2, 9172 ZS Ferwert
info@ferwerderadiel.nl

Klachtefunksjonaris / Nasjonale ombudsman

De gemeente wurket der oan om har ynwenners sa goed mooglik service te jaan en om boargers te belûken by it opstellen fan beliedsplannen. It kin lykwols barre dat jo net tefreden binne of dat saken net goed gean. At jo fine dat jo net goed of ûnfatsoenlik troch in amtner of bestjoerder behannele binne of dat jo te lang op in reaksje op jo fersyk wachtsje moatte, kinne jo in klacht yntsjinje by de gemeente.

Foar it behanneljen fan dy klachten is in klachtefunksjonaris oansteld, de hear mr. N. Wijma fan Drachten. Hy soarget derfoar dat de klacht behoarlik ôfhannelle wurdt. Hy hat in advisearjende taak. At jo net tefreden binne oar it ôfhanneljen fan 'e klacht troch it bestjoersorgaan, kinne jo jo klacht foarlizze oan 'e Nasjonale Ombudsman fan Den Haach. Dat kinne jo net earder dwaan as nei 't jo earst by de gemeente in klacht yntsjinne hawwe.

Yn 2006 binne der by de gemeente 7 (yn 2005 3) en by de Nasjonale Ombudsman 3 (yn 2005 gjin) klachten tsjin amtners en/of bestjoerders yntsjinne. Dat is behoarlik omheech gien. Ien by de Nasjonale Ombudsman yntsjinne klacht is troch de Ombudsman klearder noch ûnbegrûne ferklearre.

De twa oare klachten, dy 't by de Nasjonale Ombudsman yntsjinne binne, binne foar it ôfdwaan nei de gemeente trochstjoerd. De Ombudsman hie nammentlik gjin foech om 't net earst by de gemeente kleid wie. Feitlik binne it dus by de gemeente yntsjinne klachten. Dy binne dan ek yn it tal fan 7 meinommen. Fan dy twa klachten is ien klacht yn jannewarje 2007 troch de klachtefunksjonaris behannele en ûnbegrûne ferklearre. Ien klacht is troch it gemeentebestjoer klearder noch ûnbegrûne ferklearre.

De klachtefunksjonaris hoegde yn 2006 gjin advys oer in yntsjinne klacht út te bringen. Der is foarich jier dan ek gjin harksitting holden.

De by it gemeentebestjoer yntsjinne oare 5 klachten koenen troch it haad fan 'e oanbelangjende sektor yn oerlis met kleier en de oanbelangjende amtner ôfhannelle wurde.

Boargerinisjatyfútstellen

Jo kinne in ûnderwerp op 'e wurklist fan 'e gemeente sette litte, at it stipe wurdt troch 25 boargers. Dat neame wy in boargerinisjatyfútstel. Yn 2006 binne soksoarte fan útstellen net troch de boargers by de ried yntsjinne.

Klachten en meldings

Yn 2006 binne 46 klachten en meldings registrearre. Dy waarden tillefoanysk of oan 'e baalje meld of fia in brief of e-mail. Dy klachten gienen û.o. oer it iepenbier grien, ferljochting, diken, ferkear, gemeentlike gebouwen, swerfsmoargens en riolearring. Alle klachten binne binnen de dêrfoar stelde termyn ôfhannele.

Ynformaasje foar de riedskommisje

De riedskommisje hat har foarich jier troch it kolleezje of eksternen wiidweidich ynformearje litten oer:

- it lokaal sûnensbelied;
- de tsjinstferliening troch de plysje fan
- it team Middelsee gemeenten;
- it wenkompleks Hof fan Hallum yn Hallum;
- it werstrukturearringsprojekt Burdaard;
- it ûntwerp-bestimmingsplan Grutte Doarpen;

- de plannen foar it eardere stasjonsgebou yn Marrum;
- de kânsen foar Ferwerderadiel yn it ramt fan it buro Plattelânsprojekten N.O. Fryslân;
- de Noardlike Alvestêdeferrûte.



Ynsprekken by rieds- of kommisjegearkomste

Oan it begjin fan alle reguliere rieds- of kommisjegearkomsten kinne jo gebrûk meitsje fan it rjocht om yn te sprekken oer punten dy 't op 'e wurklist stean; by kommisjegearkomsten sels ek oer ûnderwerpen, dy 't net op 'e wurklist stean. De wurklisten fan dy gearkomsten wurde alle moannen publisearre yn it Sawn Stjerren Nijs en op 'e gemeentlike webside. Foarich jier makken mar 5 minsken gebrûk fan dat ynsprekrecht. It tal ynsprekkers yn 2005 wie 6. It gie om de neikommende ynsprekkers:

- kommisjegearkomste 23 febrewarje: de hear S. Meindertsma fan Burdaard út namme fan Doarpsbelang Burdaard en omkriten, oer de ûnrêstige jierwiksel yn Burdaard;
- kommisjegearkomste 27 april: de hear J. van der Veen fan Burdaard út namme fan 'e Stichting "Molen de Zwaluw" yn Burdaard oer it bouplan fan KPN foar in GSM-mêst yn Burdaard;
- riedsgearkomste 27 juny: de hear S. Meindertsma fan Burdaard út namme fan Doarpsbelang Burdaard en omkriten, oer de planûntwikkeling en werstrukturearring yn Burdaard;
- kommisjegearkomste 28 septimber: mefrou A. Flapper fan Tensis út namme fan de famylje Talsma út Rinsumageast oer in planskeafgoeding;
- riedsgearkomste 19 oktober: de hear M. Abrahamse fan Reitsum oer de minne ûnderhâldstastân fan 'e gemeentlike berms.

Ynteraktive beliedsfoarming en ynspraak ûnder ynformaasjejûnen

Op in ynformaasjejûn kinne doelgroepen fan in projekt (bygelyks takomstige brûkers fan in gebou) of bewenners út 'e buert fan in plan (bygelyks in doarpsferrijingsplan) meitinke en meiprate oer it ûntwerp. Sa 'n jûn is faak in oanfoling op it oerlis dat de gemeente al mei ferskate organisaasjes hat yn 'e oanrin fan in projekt. Dy jûnen binne in poerbêst kommunikaasjemiddel, dat wy yn 'e takomst grif brûken bliuwe sille. Sa binne der foarich jier op 19 april en op 24 novimber ynformaasjejûnen yn Burdaard organisearre yn ferbân mei it werstrukturearringsprojekt yn Burdaard. Yn ien fan 'e twa gearkomsten stie benammen it realisearjen fan in multifunksjoneel sintrum yn Burdaard sintraal. Der wiene yn 2006 ek 2 foarljochtingsjûnen oer it wenkompleks Hof fan Hallum yn Hallum foar oan- en omwenners en gadingmakers. As lêste hat der foar de doelgroep agrariërs op 26 july in ynformaasjegearkomste west oer it saneamde koalsiedprojekt. Yn guon gefallen wurdt der gjin aparte ynspraak- of ynformaasjegearkomste hâlden, mar wurde gadingmakers frege om skriftlik te reagearjen.

De kommisje foar de beswierskriften

Boargers dy 't it net iens binne mei in beslút fan 'e gemeente kinne it brief beswier meitsje. De beswieren wurde foarlein oan 'e kommisje foar de beswierskriften, dy 't bestiet út in ûnôfhinklik foarsitter (sûnt 20 april 2006 mefrou mr. J.F. Rouwé-Danes fan Ferwert) en twa riedsleden (sûnt 20 april 2006 de hearen B. van der Heide en T. Hijlkema). Dy kommisje hâldt in harksitting, dêr 't de beswierre persoan syn of har beswier neier yn taljochtsje kin. Dêrnei bringt de kommisje in advys út oan it oanbelangjende bestjoersorgaan, dat de saak op 'en jij besjocht en in beslút nimt.

De kommisje foar de beswierskriften hat yn 2006 13 kear in gearkomste hân. Mei-inoar gie it om 13 beswierskriften (yn ferliking: yn 2005 wiene der 20 beswierskriften). By de "Dienst Sociale Zaken en Werkgelegenheid" yn Frenstjer, dêr 't de gemeente by oansletten is, binne foarich jier boppedat noch 21 beswierskriften op it mêd fan 'e "Wet werk en bijstand" en de "Wet voorzieningen gehandicapten" yntsjinne. Dy binne troch de beswierekommisje fan 'e Tsjinst behannele en wurde fierder yn dit ferslach bûten beskôging litten.

Kwa ûnderwerpen is de neikommende ferdieling te meitsjen:

- 3 op it mêd fan 'e romtlike oardering;
- 6 yn it ramt fan 'e "Verordening leerlingenvervoer";
- 1 op it mêd fan 'e subsidzjeferliening;
- 1 op it mêd fan it ûntslachrjocht;
- 2 oare.

Yn 'e measte gefallen binne de beswierskriften binnen de troch de "Algemene wet bestuursrecht" foarskreaune uterlike beslúttermyn fan 14 wiken ôfhannele. Yn 5 gefallen koe der praat wurde fan in termynbrek. De grûnen dêrfoar wiene û.o. de kompleksiteit fan it beswierskrift en it jaan fan útstel oan 'e beswierre persoan om it beswierskrift neier te ûnderbouwen.

Yn ien gefal advisearre de kommisje it beswierskrift (folslein) **grûndearre** te ferklearjen (yn ferliking: yn 2005 ek yn ien gefal). Yn 3 gefallen advisearre de kommisje it beswierskrift **foar in part grûndearre en foar in part ûnbegrûne** te ferklearjen (itjinge yn 2005 net foarkommen is). De kommisje hat foarich jier gjin beswierre persoan yn syn of har beswieren **net ûntfanklik** ferklearre (dat wie yn 2005 yn 2 gefallen). Yn 7 gefallen advisearre de kommisje it beswierskrift **ûnbegrûne** te ferklearjen.

Twa beswierskriften waarden foarich jier noch foar de harksitting ynlutsen. Dat barde nei in petear tusken de beswierre persoan en de behanneljend amtner. Om 't it skeel by ien fan dizze twa saken oplost waard, kin der yn dat gefal praat wurde fan mediation.

Yn ien gefal waard troch it kolleezje fan boargemaster en wethâlders op it yntsjinne beswierskrift in beslút nommen, dat net yn oerienstimming wie mei it advys fan 'e kommisje. Yn alle oare gefallen hat it kolleezje besletten neffens it advys fan 'e kommisje. Nei de beslútfoarming op 'e beswierskriften troch it kolleezje is foarich jier ien beswierre persoan yn berop gien by in rjochtsynstânsje, wylst der troch ien beswierre persoan in fersyk om foarriedige foarsjenning by de foarsjenningsrjochter yntsjinne is.

De gemeenteriedsferkiezings hienen net allinnich foar de ried, mar ek foar it kolleezje fan B&W grutte gefolgen. De gemeente Ferwerderadiel naam ôfskie fan twa fertroude gesichten: de wethâlders Wieger Zoodma (CDA) en Barbara Wijbenga-Kleinschmidt (GBF). Sy waarden opfolge troch Haye Talsma (CDA) en Roel Ruben (PvdA).

Foto: de kolleezjeleden ûnder ien fan de earste kolleezjegearkomsten nei de ferkiezings.

Fan lofts nei rjochts: Roel Ruben, siktaris Ruud Kammer, boargemaster Wil van den Berg, Haye Talsma.



Portefûljeferdieling B&W

Boargemaster mr. W. van den Berg (CDA):

- finansjes;
- iepenbiere oarder en feiligens;
- foarljochting;
- personiëlsaken;
- ekonomyske saken;
- algemien iepenbier bestjoer;
- ynformaasje & automatisearing;
- yntergemeentlike gearwurking;
- gemeentlike eigendommen;
- monuminten;
- rekreaasje en toerisme.

Wethâlder H. Talsma (CDA) (1e loko-boargemaster):

- folkshûsfesting en romtlike oardering;
- iepenbiere wurken;
- ferkear en ferfier;
- bûtentsjinst (riolearring, grien, reiniging);
- miljeu;
- Frysk.

Wethâlder drs. R. Ruben (P.v.d.A.) (2e loko-boargemaster):

- sosjaal-kultureel wurk;
- maatskiplik wurk;
- folkssûnens en soarch;
- jongerein- en âldereinwurk;
- berne-opfang (wêrûnder pjutteboartersplakwurk);
- keunst en kultuer;
- sport;
- sosjale saken en sosjale wurkfoarsjenning;
- edukaasje;
- ûnderwiis.

Útrikken Keninklike ûnderskiedings yn Ferwerderadiel



Freed 28 april 2006 krigen 4 ynwenners fan Ferwerderadiel in Keninklike ûnderskieding opspjelde troch boargemaster mr. W. van den Berg, fanwegen harren bysûndere fertsjinsten foar de maatskippij.

Op 'e foto de dekorearre persoanen, de hearen Arie van den Berg fan Hallum en Aldert de Boer, Jan Hilverda en Jurjen Kingma fan Ferwert.

Kinne jo immen dy't in lintsje fertsjinnet? Sawat elkenien sil dizze fraach mei 'ja' beantwurdzje. Om't yn hiel Nederlân minsken harren ynsette foar alderhanne doelen. Faaks fergees en yn alle dimmenens.

Dizze minsken komme yn 'e beneaming foar in Keninklike Underskieding. Sy moatte dan wol foardragen wurde. Jo kinne dêrfoar soargje: elkenien kin in oar foardrage foar in lintsje. Wa en hoe?

Sjoch foar mear ynformaasje de spesjale webside: www.lintjes.nl of nim kontakt op mei de hear B. Jager fan 'e gemeente, tillefoan (0518) 41 88 39.

Belestingen 2006



Mei yngong fan 1 jannewarje 2005 betelje toeristen € 0,50 de persoan de oernachting oan toeristebelesting. De gemeenteried wol dat jild bestimme foar ynvestearings yn 'e toeristysk-rekreative sektor.

Dat betsjut dat saken lykas it oanlizzen fan in fytspaad en it ûnderhâlden fan in oanlissteger foar in part betelle wurde kinne út 'e toeristebelesting. Yn 'e simmer fan 2006 iepene de boargemaster it nije fytspaad tusken Lichtaard en de Dockumer Ie.

Tal (reis)dokuminten dat ôfjûn is

By it loket fan 'e ôfdieling Befolking/Boargersaken kinne jo telâne foar û.o. jo paspoart, rydbewiis en identiteitskaart. Yn 2006 binne de neikommende tallen ôfjûn:

Dokumint	Tal
Paspoarten	601
Sakepaspoart	2
Identiteitskaarten	671
Identiteitskaarten fergees	66
Rydbewizen	556

Soarte belesting	Taryf (in €)	Opbringst (x € 1.000,00)	
	2006	Begrutting nei wizinging 2006	Rekken 2006
1. Unreplik saakbelestings			
- brûkers	2,57	95	83
- eigners	3,09	748	737
(de € 2.500,00)			
2. Forinzebelesting (it pân)	406,00	9,7	9,8
3. Toeristebelesting de persoan de nacht	0,50	5,5	5,5
4. Offalstoffehewing / reinigingsrjochten:			
- húshâlding	286,00		
- allinnesteanden	214,00	982,7	973,2
5. Rieelrjochten (de oansluting)	148,00	489,7	490,8
		<u>2.330,6</u>	<u>2.299,3</u>

Undernimmers tige wichtich foar de leefberens fan de gemeente

Undernimmers binne tige wichtich foar in gemeente. Sûnder bedriuwen wurdt de leefberens binnen in gemeente tige bot oantaaste. Undernimmers binne tige wichtich foar in gemeente. Sûnder bedriuwen wurdt de leefberens binnen in gemeente tige bot oantaaste. Troch it kolleezje fan boargemaster en wethâlders en de bedriuwskontaktfunksjonaris wurdt dan ek oan safolle mooglik bedriuwen in besite brocht. De reden fan sa 'n besite kin dûbel opfette wurde. Oan 'e iene kant om better mei de ûndernimmer en syn bedriuw yn 'e kunde te kommen, oan 'e oare kant om op 'e hichte te bliuwen fan de winsken en ideeën fan 'e ûndernimmers om dy mei te nimmen yn it belied.

Yn 2006 waarden yn ferbân mei de ferkiezings en bestjoerswiksels minder bedriuwbesites ôflein. Besocht binne Kapsalon



Your Style yn Ferwert, Arsjitektenburo GDA yn Burdaard en Skildersbedriuw en Wenningynrjochting Van der Weit út Blije. Your Style, in sfearfolle en fersoarge kapsalon, is al twa kear útroppen ta bêste Your Style saak. In saak wêr't Ferwert grutsk op wêze kin. GDA is festige yn it skitterend restaurearre pân "de Eendracht". GDA kriget -neist in oantal projekten yn 'e gemeente- opdrachten út it hiele lân. Yn Blije en (fiere) ûmkriten is ûnder oaren skildersbedriuw en wenningynrjochting Van der Weit aktyf. Neist Van der Weit en syn frou binne trije oan't fiif minsken aktyf om de opdrachten ta elts tefredenens út te fieren.